

# ‘Het is de economie, gekkie ...’

*Sytze T. Hiemstra*

Dy kop stie boppe in stikje fan Bert Middel yn de *Leeuwarder Courant* (03-01-2009). Wy sitte dan midden yn de kredytkrisis. En wy fernuverje ús alle dagen wer oer it feit dat in betreklik beheind en isolearre probleem mei de hyp-teken yn de Feriene Steaten fan Amearika sa'n dominy-effekt op de hiele wrâldeconomy hawwe koe.

Middel syn stikje komt foar in wichtich part del op it feit dat middenmank alle ûnwissensien ding fêst stiet: ús deistich bestean sil mear as ea beskaat wurde troch de economy. As it nypt en wer nypt wurdt it minsklik hâlden en dragen benammen beskaat troch materiële saken. Want de alderearste ferletten yn it libben binne iten, klean, in dak boppe jins holle en beskerming foar alle mooglike ûnheil. Pas dêrnei komme de mear ferheven dingen op it aljemint. Sa hat it altiten west en sa sil it altiten bliuwe.

De grutte grûnlizzer fan de moderne economy, Adam Smith, wist dat. En syn wichtichste kritikus, Karl Marx, lei dêr likegoed de klam op. Bertold Brecht sei it sa: ‘Erst das Fressen, dann die Moral’. En ek de Amerikaanske psycholoch Maslow (*Motivatie en persoonlijkheid*, 1972) wist hiel goed dat minsken benammen yn beweging komme troch in tal basale ferletten. Hy hat dêr in hierargy foar makke.


Underoan steane de *lichaamlike ferletten*. Op de twadde trieme komt it ferlet oan *feilichheid* en op de tredde it *sosjale*. Op de fjirde stiet it ferlet oan *wurdearring* en op it fyfte en lêste it ferlet oan *it realisearjen fan jinsels*, bgl. op it mêd fan *it estetyske* en *it kognitive* (it witten en begripen). Net earder as oan in ferlet op leger nivo foldien is, sille de hegere triemen harren manifestearje. Dêr sille wy dus rekken mei hâlde moatte.

## **Marx en it neoliberalisme**

De ekonomyske basis (ûnderbou) is neffens Marx in needsaaklik *betingst* foar ‘hegere’ saken as: it rjocht, ideeën oer (taal)polityk, kultuer (de boppebou), ensfh. Ek al wurdt de boppebou der net kausaal (oarsaaklik) troch

beskaat, sûnder in goede ekonomyske basis kin it dus net. Dat jildt likegoed foar in minderheidstaal as it Frysk. It is net sa slim om te konstatearjen dat Marx' útgongspunt, dat de grûnslach fan eltse kultuer alderearst ekonomysk is, op in ûnferwachte wize oerienkomt mei de neoliberale fanselssprekkendheid dat alles as ‘merk’ opfette wurde moat.

It ‘merktinken’ fan it neoliberalisme hat in muoisume ferhâlding mei etyske prinsipen, benammen as it om rjochtfeardigens giet. Dat komt omdat yn it systeem fan it ûnderhannel-



jen oer de wearde fan grûnstoffen, guod en tsjinsten benammen *macht* beskiedend is foar de útkomsten. Yn de praktyk betsjut dat dat de machtiger partij, en dat is oer it generaal de rikere of hegere, it bêste yn steat is om syn eigen belangen te tsjinjen. En dat giet ornaris op kosten fan de swakkere. Wy witte dat de maatskiplike boppelaach yn Fryslân foar it grutste part Hollânsktalich is of it Hollânsk (folle) wichtiger achtet as it Frysk. Ek dat Frysktaligen mei jild of besit (bgl. in bedriuw) it Frysk earder skouderje as se tinke dat it har gjin jild opleveret, mar sinten kostet. Tink mar oan de hâlding fan (guon) ûndernimmers as it giet om it offisjeel meitsjen fan de eigen Fryske plaknammen. Mei har ynfloed (macht) besykje se dat gauris ûnmooglik te meitsjen.

### Wat betsjut dat foar de Fryske taalpolityk?

Wat dat foar de Fryske taalpolityk betsjut, stiet wiidweidich beskreaun yn it ‘Oanfalsplan Frysk’ (2<sup>de</sup> pr., okt. 2008), dat ik skreaun haw mei fiif oare ‘bewegers’ (te finen op [www.fryskbeweging.nl](http://www.fryskbeweging.nl); trochsykje ûnder Oansletten organisaasjes nei Fer. Frysk Underwiis en trochklikke nei it webstek fan de FFU en dan ûnder Publikaasjes). En dat hat in reden.

De ieuwenlange diskriminaasje fan it Frysk fan bûten ôf hat de Friezen brocht ta in hâlding fan seldiskriminaasje. It Hollânsk hat yn gâns wichtige maatskiplike domeinen de oermacht (taalmacht) krige en it brûken dêrfan wurdt ‘sadwaande’ normaal en fatsoenlik achte. It Frysk is yn in ûnderhearrige posysje telâne kommen en yn gâns domeinen marzjinalisearre. In *positive taalhâlding* sil neffens taalsosjologyske ynsjoggen dan ek net automatysk liede ta dêrmei korrespondearjend duorsum (bliuwend) taalgedrach. Dat fereasket benammen in feroaring fan de *situaasje* dêr’t it gedrach syn beslach yn kriget, om de feroare opfetting en it gedrach te stypjen. Dy situaasje moat foar de Friezen ekonomysk fan belang wurde. De Friezen moatte in sosjaal-ekonomysk perspektyf yn it Frysk krije (ferl. ek it *Oanfalsplan*, s. 62). Dat kin as it Frysk earste taal wurdt yn gâns wichtige maatskiplike domeinen. Fersterking fan de ekonomyske betsjutting en wearde fan it Frysk moat yn ús eagen dus de basis wêze fan it taalbelied fan de provinsje.

### ‘It’s the economy, stupid!’

De Fryske taalsosjoloog Lieuwe Pietersen hat it fersterkjen fan it ekonomysk belang fan it Frysk as earste goed ûnder wurden brocht yn syn noch altiten tige lêzenswaardige *Taal-*

*sociologie* út 1976 ([1980<sup>2</sup>] s. 176-171; mear as tritich jier lyn dus!). “Er is in Friesland de laatste decennia veel in de houding ten opzichte van het Fries veranderd, men staat positiever tegenover de eigen taal. Dat is gunstig voor de Friese beweging, maar een verandering in de houding zal niet altijd een verandering in het actuele gedrag ten gevolge hebben. De gunstige houding ten aanzien van het Fries resulteert niet altijd in een daarmee corresponderend taalgedrag. Daartoe is meer nodig, namelijk een wijziging van de *situatie*. De wetenschap zegt het zo: ‘Een duurzame wijziging van het gedrag op grond van een veranderde houding, vereist een wijziging van de situatie waarin het gedrag plaatsvindt, dit om zowel de veranderde opinie als het gedrag te ondersteunen.’ Om deze stelling voor Friesland te vertalen: je moet de Friessprekenden in een situatie manoeuvreren die voor hen van (economisch)



belang is. Je moet iets met de taal kunnen doen, ook in materieel opzicht (simpel gezegd: Je moet eraan kunnen verdienen).”

Dat betsjut neffens ús *Oanfalsplan* û.o. dat de mûnlige en skriftlike behearsking fan it Frysk yn ûnderskate maatskiplike domeinen (lykas ûnderwiis en wittenskip, it rjocht, it bestjoer, de subsidiearre media, de subsidiearre kultuer, de soarchynstellingen) in *funksje-* en *benamingseask* wurde moat. Gadingmakers dy't it Frysk net leare en brûke wolle, sille dan net sollisitearje. Dejingen dy't in baan krije, sille Frysktalich *gedrach* sjen en hearre litte moatte. De nije *taalsituaasje* sil har hâlden en dragen stypje. Taalbelied dat goed wittenskiplik ûnderboud is, sil dus de fersterking fan de ekonomyske betsjutting en wearde fan it Frysk as grûnslach hawwe moatte. Dat is fierwei de bêste garânsje foar de oerdracht fan it Frysk oan kommende generaasjes.

Dat is fûneminteler, effektiver en bliuwend as de op himsels ek nuttige *ferliedingsstratezjy* mei pommeranten as Doutzen Kroes (*Praat-*

*mar-Frysk-lippen* mei in tûtsje fan Doutzen, en mear fan sokke draachflakferbreedzjende aktiviteiten dy't yn it *Afûk-jierferslach 2007* en yn mear as ien nûmer fan *De Pompeblêden* fan 2008 neamd wurde) yn de frontliny. It bylket skoan, dat jou ik ta, mar men kin der neat mei fertsjinje. It sil de (ekonomyske) taalmacht fan it Frysk net fersterkje. Dat ynsjoch sil dus perfoarst ûntstean moatte by ús provinsjale en gemeentlike politisy. De hjoeddeistige stratezjy is (te) frijbljuwend en slim ûntarikkend. Der sil dus mear 'moatte' en minder 'meie'. 'Moatten' is gjin flokwurd as it om it Hôllânsk yn it ryksbelied giet, dat heart it út soarte ek net te wêzen as it om it Frysk giet yn it oerheidsbelied. Fuort mei de dûbelde taalmoraal fan yndividuen en oerheden! ***Dat kin lykwols net sûnder in fierdere ferankering en fersterking fan de wetlike posysje fan it Frysk en it***

***foech fan de Provinsje Fryslân om dêroer te kedizen!***

**De 'Kommisje Ladders' en de 'Stjoergroep Hoekstra'**

It is net allinnich wichtich om kritysk te folgen wat der bart mei de advizen fan de sa-



### Moatte en meie

Stikjesskriuwers as Koos Tiemersma, Rimmer Mulder, Rinze S. Boersma en Mirjam Vellinga kinne of wolle de simpele wierheid dat 'moatten' yn it oerheidsbelied gjin flokwurd is, net begripe. Se wurde dûm en hâlde harsels dôf en dom. Dat docht bliken út *De Moanne* fan desimber 2008: Koos Tiemersma, 'Ik moat neat'; Rimmer Mulder, 'Foar my gjin oanfalsplan', Rinze S. Boersma, 'Oanfalsplan: Fuort mei de Pensionado's'; Mirjam Vellinga, projektkoördinator Afûk[!], 'Hearkes'. Se soene de skriuwers fan it Oanfalsplan it leafste it swijen oplizze wolle, neffens harren *naturalistysk* (net *stjoere* wolle) ôfwaaid praat: "It's the economy, stupid!" (Bill Clinton).

neamde *Kommisje Ladders* (rapport fan de ‘Gemengde commissie decentralisatievoorstellen provincies’: *Ruimte, Regie en Rekenschap*, 17 maart 2008), mar benammen wat in stjoergroep fan Ryk en Provinsje ûnder lieding fan mr. Rein Jan Hoekstra aanst oan it regear advisearje sil oer it oerheveljen fan foech op it mêd fan de Fryske taal, kultuer en ûnderwiis fan de ryksoerheid nei de Provinsje.

It is fan grut belang om te witten mei hokfoar opdracht oft dy stjoergroep krekt oan 'e slachgiet en oft dy stjoergroep him folslein ûntwrakselje kin oan it hearskjende Hollânske ienheids- en lykskeakelingstinken.

Neffens prof. dr. Reinier Salverda (Fryske Akademy) pleitsje dêr op syn minst *fjouwer* arguminten (neamd by in *Ekspertmoeting* fan

de provinsjale komisje *Boarger & Mienskip* op 29 okt. 2008 yn ‘It Aljemint’ te Ljouwert) sterk foar:

- 1 De goede Europeeske prinsipen fan *subsidiariteit* (wat in leger orgaan dwaan kin, moat net troch in hegeren-ien dien wurde) en *devolúsje* (it delegearjen en desintralisearjen fan saken) moatte tapast wurde. Der moatte dus safolle mooglik foech en regelings nei it bestjoersnivo dat sa ticht mooglik leit by de boargers dy't it oanbelanget.
- 2 It hat bliken dien dat it respekt foar en it praktysk omgean mei taal- en kultuerferskillen yn de skiednis fan it meartalige Europa ien fan de meast *duorsume* bestjoersprinsipen is: foar gjin inkeld folk is it op 'e lange doer noflik en akseptabel dat it bestjoerd wurdt troch lju dy't de taal fan dat folk net prate en skriuwe.

- 3 Op it stuit is yn Nederlân aktueel dat it ryksûnderwiisbelied ‘taal’ as ien fan syn spearpunten oanwiisd hat. Dat betsjut dat alle ynspannings hjoed-de-dei rjochte wurde op it Hollânsk (‘Nederlandse taal’) en it ferhelpen fan *allinnich* de efterstannen yn *dy* taal. Sa'n belied kin yn Fryslân net samar iensidich yn- en útfierd wurde. Dat soe betsjutte dat wy aanst oanklaud sitte mei in folslein ferhollânske skoalsysteem, dêr't it Frysk net mear as in râneferskynsel wurdt of wurden is.
- 4 Mei klam moat fêststeld wurde dat de ryks-oerheid syn sels oangiene ferplichtings yn it ramt fan it *Europeesk hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* oant trije kear ta net neikommen is. Trije kear is skippersrjocht. Allinnich al om dy reden moat de Provinsje it no mar ris dwaan.

Njonken in goed plak foar it Frysk yn de Grûnwet en it meitsjen fan in goede Fryske taalwet, is it oerheveljen fan safolle mooglike foech nei de Provinsje in saak fan libbensbelang en libbensbehâld fan it Frysk.

Tekeningen: Ed Knotter

### Naturalistysk tinkramt

Deputearre Jannewietske de Vries is oant op in hichte spitigernôch ek te betraapjen op in *naturalistysk* tinkramt, as se yn *De Pompeblêden* fan desimber 2008 op de fraach “Wat fine jo fan it ‘Oanfalsplan Frysk’ fan û.o de Ried fan de Fryske beweging” anderet: “Dat giet my tefolle út fan twang, fan oplizzen. *It Frysk begjint by de minsken, fan ûnderen op*. Sa behâldt it Frysk syn fitaliteit”. In tragyske misfetting en gefaarlik fersin as se mei har kollega's neat docht oan de *ekonomyske* basis fan it Frysk. Dat is krekt de grûnslach foar de fitaliteit fan it Frysk. Soks ûntstiet by de minsken net ‘as fansels’ *fan ûnderen op*. Se soe Lieuwe Pietersen der dochs nochris op neilêze moatte.